

Jierferslach 2013

Goeijûn allegearre.

Wy begjinne dit jierferslach fansels yn jannewaris, en op ús aginda stiene doe twa belangrike punten: de útnoeging fan de gemeente om mei te dwaan oan it projekt Doarp yn it Grien en de brief fan Stichting Industrieel Erfgoed mei de meidieling dat ús suvelfabryk yn oanmurking komt as industrieel erfgoed. Yn 2013 binne der de noadige stappen naam.

Sa't jim witte docht Aldegea mei oan it projekt Doarp yn it Grien en sille wy yn 2014 oan 'e slach om ús doarp mei ús allen kwa 'groenvoorziening' ris goed ûnder hannen te nimmen. Fansels ha wy dêrby ek de stipe fan de doarpsbewenners noadich. Hjir krije jim ynkoarten noch de noadige ynformaasje oer.

Dan de âlde suvelfabryk. Wy ha yn maart 2013 mei in wurkgroep fan gemeente, stichting Industrieel Erfgoed, eigener Credo en doarpsbelang in rûnlieding hân troch de âlde fabryk. Nei ôfrin waarden der in hiel soad suggestjes dien foar herbestemming, mar konkrete plannen kamen der net. It like efkes in moaie stap foar in nije takomst, mar it wie net mear as in stoarm yn in glês wetter. Sa't jim fêst ek wol witte binne der ek op dit punt wer hiele nije ûntwikkelings.

Yn maart ferline jier wie der ek in oerlis oer herbestemming fan de iisbaan. Dizze leit al wer hiel wat jierren oan de Eastersanning en dat is foar in soad bern toch best noch wol in eintsje fytsen. Plan wie dan ek om ris te sjen oft de iisbaan miskien op it lân achter de tennisbaan komme koe te lizzen. Wy ha as doarpsbelang om tafel sitten mei de manlju fan it bestjoer fan de iisbaan, mar nettsjinteande de moaie plannen die al gau bliken dat it lân achter de tennisbaan him kwa grûn net liende foar in iisbaan. Dit plan wie dus al reedlik rap wer "fan 'e baan".

Ein maart is it sa stadichoan tradysje wurden dat wy mei inoar ús doarp opromje mei de jierlikse himmeldei. Yn 2013 waard dat organisearre troch RSO en Quick en lei it doarp der wer skytskjin by.

Binne wy ûndertusken yn april oanbelâne. Foar 1 april moasten wy de ideeën foar buurtbudgetoanfragen ynleverje by de gemeente. Mei dit budget wisten wy dit jier in pear moaie projekten út te fieren. Sa kaam der in flinke facelift foar it Albert Faberparkje, krige de Great Haersmaskoalle nije boarterstastellen op it plein en kaam der in nije plattegrûn oan de Gariperwei.

Alde tiden herlibben op saterdei 27 april mei de Turfrace. Yn it ramt fan it skûtsjeferien dienen historyske skûtsjes ús haven oan om lykas eartiids turf te laden. Wy as doarpsbelang joegen de bemanning foar har swiere wurk in moaie beleaning: in Aldegeaster Bakbrogge. Mei troch it prachtige waar kin de organisaasje neffens ús weromsjen op in geweldige dei.

En no't wy toch yn de haven binne, it is jim fêst net ûntgong dat ús haven in grutte opknopbeurt krigen hat. It resultaat is wer in krease haven, dêr't wy de wettersporters dit jier goed ûntfange kinne. Ek stie der hiel efkes in picknicktafel op de haven, mei op it tafelbled in plattegrûn fan it gebiet en handige linkjes foar op de tillefoan om fuort ynformaasje te finen. Mar dizze tafel wie al rap wer fuort. De boppekant fan it tafelbled liet nammentlik los. Wy wachtsje ôf wannear't er werom komt.

Op 30 april waard Willem Alexander kroand ta kening yn Amsterdam. Om dit te fieren en in bliuwende herinnering te hâlden oan dit momint krigen alle doarpen fan de gemeente in Keningslinde. Tegearre mei Catrinus Alberda hat Roel dizze beam in moai plakje jûn op it krúspunt fan 't West en de Tsjollen.

Binne we al wer yn maaie. De ôfrûne jierren wienen der begjin maaie altyd folop aktiviteiten yn it doarp yn it ramt fan de Wike fan de Amateurkeunst. Ofrûne jier die Aldegea lykwols net mei, om't de Meldij keazen hie foar buordoarpen Boarnburgum, de Tike en Drachtster Kompenije.

Begjin maaie wie de nije brêge yn de Aldegeasterdyk wer klear. In pear wike koe ferkear hjir net del om't de gemeente oan it wurk wie mei it opknappen fan de brêge. De dyk dêroerhinne krige in nije asfaltlaach en ek waard der in nije, lytsere dûker pleatst.

Oer ferkear sprutsen, samar ynienen hienen wy in eigen bushalte. Fan de iene op de oare dei stie der in bushaltebuordsje njonken de Spar. Op fersyk fan doarpsbelang is de halte ferpleatst nei basisskoalle De Grûnslach. It giet om in halte foar de saneamde Opstapper. Dit is in bestelbus, dy't jo nei de 'dichtstbijzijnde' bushalte bringt. Yn ús gefal dus Nijegea. Sa kinne wy hjir yn ús doarp dochs gebrûk meitsje fan de bus, sille we mar sizze.

Yn maaie 2013 wie ek de oanbesteging fan de bou fan it Multifunksjonaal sitnrum. De oanbesteging fan it MFC is tawezzen oan Reitsma Bouw. Wy as Doarpsbelang ha yn 2013 it huurkontrakt tekene foar 'Oudheid' binnen it MFC.

It MFC moat in moetingromte wurde foar minsken út it doarp. It ôfrûne jier kloppen der yn in koart skoftke tiid fjouwer ferskillende minsken oan by Doarpsbelang mei in oprop oft it ek mooglik is om yn Aldegea wat mear te dwaan oan 'georganiseerde sociale betrokkenheid'. Hjirút is it plan foar in Sociaal Lokaal ûntstien. Plannen dy't wy foarlein ha oan ûnder oare wethâlder Ties Zweers, doarpekoördinator Erik Kort en Erica van Leeuwen fan de gemeente. Yntusken is de wurknamme feroare yn de nije namme Trefpunt 'Graach Dien'.

Doarpsbelang kriget hieltyd faker oanfragen foar it sponsorjen fan aktiviteiten yn it doarp. Om hjir hannen en fuotten oan te jaan ha wy ús sponsorbeleid besprutsen en binne de ôfspraken hjiroer fêstlein yn it hûshâldlik reglement.

Yn de ledefergadering fan novimber 2012 waard ús frege hoe't it komt mei de kuierpaden yn en om Aldegea. Hieltyd mear paden ferdwine om't de grûn ferkocht wurdt oan partikulieren of boeren. Wy ha ûndertusken kontakt hân mei ferskate partijen om te sjen oft der mooglikheden binne om âlde paden wer yn eare te herstellen. Dat giet lykwols net altyd like maklik. Wy ha ús hoop no festige op it projekt Oude Paden Nieuwe Wegen, om tegearre mei har te sjen wat yn Aldegea mooglik is. Ek de moaie ideeën foar de Keunstkuier gongen yn 2013 fan de baan, fanwege de net tarikkende fynânsjes.

Oer kuierven sprutsen, der binne in soad minsken yn Aldegea dy't graach mei de hûn te kuierven gean. Dit jier lei de gemeente it tema 'hûnestrontbeleid' by Doarpsbelang op it buordsje. Wy ha der neat mei dien, en gean der fanút dat jim sels it inisjatyf nimme om de hûnepoep fan jim hûn op te romjen. Dêrfoar binne meardere bellobakken yn it doarp set.

Yn de fergadering fan novimber waard ús foarstel om de kontribúsje te ferheegjen unanym oannaam. Njonken hegere kosten fan ferskate kosteposten, spile ek de AED in rol yn it beslút om de kontribúsje te ferheegjen. De kosten fan it yn oarder meitsjen fan it AED-apparaat nei it gebrûk, binne sûnt dit jier foar Doarpsbelang en liege der net om.

Oer kosten sprutsen. Jim ha fêst al wol fernaam dat wy de lêste tiid drok dwaande binne mei it ynsammeln fan jim emailadressen. Doel is om yn de takomst hieltyd mear útnoegings foar ynformaasjejûnen en ledefergaderings fia de mail te ferstjoeren. Net allinnich om kosten te besparjen mar ek om't it in stik rapper giet en papier besparret.

Binne wy hast oan de ein fan dit ferslach. Sa't jim hearre koenen is der it ôfrûne jier hiel wat gebeurde yn en om it doarp. En der lizze ús ek noch in pear moaie dingen te wachtsjen. Allerearst de plannen foar de suvelfabryk, dêr't ik fan 'e jûn mei begong. En ta beslút binne der fansels noch de plannen foar Oudega aan het water. Ek hjir sille wy de kommende tiid de finger oan 'e pols hâlde en jim op de hichte bringe as der nijs is.

Dat dogge wy yn it earste plak fia de kopij yn de Bakbrogge, dy't sa't jim sjoen ha, wat oars as oars is. Yn plak fan ien pagina mei Doarpsbelangnijs ha wy no koarte stikjes ûnder de namme Doarpsbelangryk, dy't ferspraat troch it blêd stean. En dêrneist hâlde wy ek de gemeente graach op 'e hichte fan wat hjir allegear bart. Dat dogge we fia ús eigen nijsbrief Hea... Aldegea! Yn 2013 ha we wat minder frekwent rjochting B&W en Gemeenteried kommunisearre, mar we binne fan doel dat no wer op te pakken. Sa hâlde we Aldegea op 'e kaart!